

## Oankundiging →

### *Jaap van Moolenbroek (2016)*

## Nederlandse kruisvaarders naar Damiate aan de Nijl. Acht eeuwen geschiedenis en fantasie in woord en beeld

Hilversum: Uitgeverij Verloren

Rients Faber

It boek *Nederlandse kruisvaarders naar Damiate aan de Nijl. Acht eeuwen geschiedenis en fantasie in woord en beeld* is in m'nske stúdzje fan mediëvist Jaap van Moolenbroek. Fan 1970 oant en mei 2006 wie er ferbûn as ûndersiker-dosint en letter haaddosint oan 'e Frije Universiteit yn Amsterdam. It kin dus hast net oars, of wy hawwe hjir te krijen mei in wittenskipper dy't betûft is yn alle hoeken en hernen, en alle tûkelteammen fan syn fakgebiet ken. Sa'n man kin in ymposante stúdzje skriuwe oer ien fan 'e krúsfearnten dy't yn al har mannichte yn 'e skiednisboeken beskreaun stean, mei alle moaie ferhalen deromhinne.

Om't de fyfte krústocht grut fan opset wie en dêr in soad minsken út it hjoeddeiske Nederlân yn behelle waarden, en yn it bysûnder út 'e Fryslannen, is dat reden om op dit plak omtinken te jaan oan Van Moolenbroek syn boek.

Sintraal yn it boek stiet de fraach, oft de feiten oer de fyfte krústocht, sa't dy troch de iuwen hinne oan ús oerdroegen binne, wol doge. Van Moolenbroek ferdjippet him yngeand yn hoe't dy byldfoarming iuwenlang syn beslach krige. Dat docht er mei in ferskaat fan foarbylden, dy't oardere binne yn in stikmannich perioaden mei tsientallen histoaryske ôfbyldings en yllustraasjes.

Yn tsien haadstikken komme alle saken op 't aljemint, foarôfgien troch in heldere ynlieding, sa't de lêzer al aardich op 'e gleed komt, om 'e tried fan it boek foar de geast te krijen. Yn 'e earste trije haadstikken behannelet Van Moolenbroek de krúsfearnt sels en yn 'e neikommende seis haadstikken behannelet er oer in perioade fan 800 jier de byldfoarming. Yn it earste haadstik ferdútst de skriuwer ús hoe't yn 1217 tûzenen minsken út 'e Lege Lannen wei fan hûs en hiem ferfarden foar de hillige striid. Wêrom wiene se ree om dat te dwaan; hoe waard dy hiele ûndernimming

organisearre en finansiere? En dan binne der noch krúsfarders dêr't de komôf en 'e wenkrite fan trasearre wurde kinne.

Dêrnei komt yn haadstik 2 de lange reis oan 'e oarder. Yn Lissabon splitst de float, dy't út sa'n hûndert koggeskippen bestie. De ploech krúsfarders dy't in setsje yn Lissabon bleau, jout wer in ferhaal op himsels. It duorre lang, ear't de float op 'e bestimming Akko oankaam. Nei Akko teach de float nei Damiate, sa ferhellet haadstik 3. By it feroverjen fan 'e keattingtoer spilen Friezen in wichtige rol.

Dan komme de haadstikken oer de byldfoarming: it Haarlimmer ferhaal út 'e 14<sup>de</sup> en 15<sup>de</sup> iuw (hdstk 4) en it Damiate-ferhaal dat yn Fryslân libbe (hdstk 5). Benammen it Haarlimmer ferhaal sil it noch folhâlde oant yn 'e 20ste iuw.

Yn 'e 16de iuw wie it krús-swurd kristendom mei de komst fan it protestantisme net feroare. De doetiidske Turkske driging waard in rjochfeardiging yn fûn foar de midsiuwske striid tsjin 'e moslims.

Yn syn ôfslutend haadstik stelt Van Moolenbroek fêst: 'Na dit relaas over acht eeuwen Damiate en Nederland kan veilig wurden geconcludeerd dat het in menig opzicht een lastig verhaal is. De weg van de geschiedenis naar de verbeelding loopt niet rechtlijnig, wat de verklaring tot in onze tijd helpt verklaren. De rijke fantasie in woord en beeld vanaf de vijftiende eeuw wekte gemengde gevoelens, omdat deze levendige herinneringscultuur geen historische basis had. En of het nu historie of fantasie betreft, een kruistocht tegenwoordig tegen moslims, is voor ons als zodanig problematisch geworden'. Yn it fierdere ferhaal fan it lêste haadstik besiket de skriuwer in perspektyf te jaan fan wêrút wy hjoed de dei nei de fyfte krústocht sjen moatte of kinne. Van Moolenbroek helle de wurden fan paus Benedictus XIV (Joseph Ratzinger) oan, dy't fol skamte is, omreden dat út namme fan it kristendom yn it ferline geweld brûkt waard en hy besjocht de krúsfeartoprop fan syn fiere foargonger Innocentius III yn 1213 dan ek as in kristlike dwaalwei.

By Van Moolenbroek treffe wy dus yn 'e aktualiteit de betiizjende konfrontaasje fan 'e objektivearjende wittenskip en 'e normatyf humane retrospeksje. Hy ûntmytologisearret it ferhaal oer in krústocht, ferklearret it fabulearjende ferlet dat it feitlike ferhaal fertsjusteret, en set dêrnjonken de wrakseling fan it kristendom mei it eigen hâlden en dragen yn it ferline. Op sa'n wize hâldt Van Moolenbroek de lêzers fan syn boek in spegel foar, nammentlik dat oer de troch him beskreaune krústocht no sein wurde kin, dat dy in haadstik út ús skiednis is, dêr't wy faaks net wakker grutsk op hoege te wêzen.



*Ingo Laabs [bes.] (2016)*

Peter Grünberg: Kindheits- und Jugenderinnerungen.  
Vier mittelgoesharderfriesische Handschriften

Kiel: Friesische Philologie

Nordfriesische Wörterbuchstelle Christian-Albrechts-Universität

Beart Oosterhaven

De yn Dreisdorf berne ûnderwizer Peter Christian Grünberg (1901-1975) hat him yn syn libben op allerhanne wizen dwaande hâlden mei ûndersyk dat syn Noard-Fryske bertegrûn oanbelange. Dêrby lei foaral syn memmetaal, it Mittelgoesharder Frysk, him nei oan it hert. Dy taal kin anno 2016 as sa goed as útstoarn beskôge wurde.

Aldergeloks hat Peter Grünberg syn memmetaal op skrift en yn 'klank' (op lûdbân) fêstlein. Sa hat er yn 'e sechstiger jierren fan 'e foarige iuw fjouwer hânskriften yn it Mittelgoesharder Frysk makke, dy't yn dit boek troch Ingo Laabs foar de earste kear, en foarsjoen fan in oersetting yn it Dútsk, útjûn wurde.

Grünberg wie ek frijwillich meiwurker fan it mienskiplik Noard-Fryske wurdboekprojekt ûnder lieding fan dr. Julius Tedsen en hat de Nordfriesische Wörterbuchstelle mânske wurdsamlingen en bânopnamen neilitten. Syn fjouwer eigen hânskriften, dy't de respektivelike titels *De Hii* ('De heide'), *Oon 'e School* ('Yn 'e skoalle'), *Jü Määl* ('De mûne') en *Schlâchti* ('Slachtsjen') drage, hawwe grutte wearde. Se binne net allinne wichtige taaldokuminten, dêr't it Mittelgoesharder Frysk wat struktuer en sinbou oanbelanget goed mei te rekonstruearjen is, mar ek literêr fan belang. Dêrom is in wurd fan wurdearring oan 'e deeglike besoarger Ingo Laabs grif op syn plak! Hy hat derfoar soarge, dat de fjouwer hânskriften fan Peter Grünberg no ek yn printe foarm foar elk dy't dêr stúdzje fan meitsje wol, beskikber binne.



Ingo Laabs [bes.] (2016)

Peter Jensen: *Di bruinsjiter / Der Brandstifter*

Kiel: Friesische Philologie

Nordfriesische Wörterbuchstelle Christian-Albrechts-Universität

Beart Oosterhaven

2016 wie in produktyfjier foar Ingo Laabs. Behalve it hjirfoar neamde wurk fan Peter Grünberg hat er ek wurk fan in oaren mei deselde foarnamme, Peter Jensen, besoarge.

Peter Jensen (1861-1939) waard berne yn Horsbüll yn 'e Noard-Fryske Wiedingharde. Hy fertsjinne de kost as learaar en skoallerektor en heart ta de ynfloedrykste Noard-Fryske skriuwers en taalhoeders út 'e earste helte fan 'e tweintichste iuw. Jensen syn yn 'e jierren 1921-1938 ûntstien literêr wurk jout in yndrukwekkend tekstkorpus wat syn Wiedingharderfryske memmetaal oanbelanget. Dy taal waard ek troch him fêstlein, nammentlik yn it *Wörterbuch der nordfriesischen Sprache der Wiedingharde* (1927). Twa jier foar it útkommen fan dat wurdboek, yn 1925, wied er al promovearre op it proefskrift: *Die nordfriesische Sprache der Wiedingharde*.

Yn 'e foarlizzende útjefte jout Ingo Laabs mei *Di bruinsjiter* ('De brânstichter') ien fan Peter Jensen syn meast bysûndere fertellings op 'en nij út en foar 't earst mei dêrby in begeliedende Dútske oersetting. It orizjineel fan *Di bruinsjiter* ferskynde yn 1928/29. It is oars net de ienige brânstichtersstoarje fan Jensen. Al oan it begjin fan syn karriêre as skriuwer hat er twa ferhalen makke, dêr't in brânstichtsjende persoan ek de haadrol yn spilet: *Ääwt iinbäg* ('Op skreiershoek') en *Tou ferskjäli harte* ('Twa ferskillende herten'). Beide seagen in jiermannich foar *Di bruinsjiter* it ljocht. Yn it 'Nachwort' by dizze nije útjefte fan *Di bruinsjiter* hâldt Ingo Laabs alle trije ferhalen tsjin it ljocht en ferliket er se mei inoar.



## *Rients Faber (2017)*

### Patrick Barnewall, een Iers kasteelheer in de Nederlanden

Leeuwarden: De wylde tulp ([www.dewyldetulp.nl](http://www.dewyldetulp.nl))

Beart Oosterhaven

Us âld-redakteur Rients Faber hat him mei in boek oer Patrick Barnewall, majoar fan in rezjimint hynders, ferdjippe yn 'e Nederlannen fan 'e 17<sup>de</sup> en 18<sup>de</sup> iuw. Yn dy tiid kaam der gâns bûtenlânsk folk as militêr nei de Nederlannen. Earder hie Faber dat al konstatareje kinnen, nammentlik yn syn proefskrift út 2003, by in foarfaar fan 'e Fryske dichter Lucius Columba Murray Bakker (1822-1911), dy't mei de nammetafoeging 'Murray' dy 'militêre' skiednis yn him meidroech.

Yn in oar ferbân kaam Rients Faber op it spoar fan 'e bysûndere persoan fan Patrick Barnewall, dy't troch de twaspalt yn syn libben sá ta de ferbylding fan Faber spriek, dat er no in boek oer de man skreaun hat.

Patrick Barnewall of Rowestown kaam nei 1672 mei syn bruorren nei de Republyk fan 'e Feriene Nederlannen. It oarspronklik Ierske rezjimint dêr't de manlju yn tsjinnen, waard ynset yn 'e striid tsjin 'e Frânsen. De katolike ôfkomst fan dat rezjimint soarge lykwols foar spannings.

Nei syn houlik yn 1681 mei de Hollânske regintedochter Margrieta Focanus, festige er him hjirre foargoed. Sa krige Patrick Barnewall in kâns om 'e 'Ierske wrâld' dy't er kwytrekke wie, yn 'e Nederlannen wer op te bouwen.

Faaks troch syn aard, mar grif ek troch de omstannichheden, skriuwt Faber, soe it libben fan Patrick Barnewall en dat fan syn famylje lykwols in dramatyske kear nimme. De opposysje nei 1688 yn 'e katolike Ierske fermiddens tsjin 'e protestantske kening-stedhâlder Willem III, soarge der nammentlik foar, dat ek Barnewall fertocht makke waard, nettsjinsteande syn militêre loyaliteit. Sa rekke er finansjeel oan 'e grûn. De 'mariage de raison' fan syn soan Robert mei de Haachske Sophia van Noortwijck joech nije opskuor en ek Barnewall syn hâlden en dragen by it fredesoerlis te Utert yn 1712 soarge net foar de takomst dêr't er op hope hie.

